

# Wer diel Van der Meij oernaam



*Autobedriuw Van der Meij Ferwert - Foto: YouTube, SyntraksMedia*

**9 septimber, 2013 - 12:08 -**

Der is wer in ûnderdiel fan autobedriuw Van der Meij yn Ferwert oernommen. Dat meldt kurator Rotshuizen. It giet om it skeabedriuw. De hjoeddeistige direkteur Bauke Bosma nimt tiisdei mei in ynvestearder de bedriuwssaktiviteiten oer. De fjouwer wurknimmers hawwe in nij kontrakt oanbean krigen.

Earder wie al it garaazjepart oernaam. Mei de oername fan it skeabedriuw meitsje de belangrykste ûnderdielen fan it Van der Meij-konsern in trochstart. De wurkgelegenheid is foar it grutste part oerein bleaun.